

Bêste Tony Feitsma,

It is lang lyn dat wy elkoar troffen. Us húshâlding wie nei Fryslân ferfard om't ik wurk fûn hie yn Ljouwert, by it Sociaal Hoger Onderwijs Friesland. Dêr soe ik my dwaande hâlde mei sosjale skiednis en geastlike en maatskiplike streamingen. Fryslân hie krekt in nije stavering krigen en dy makke ik my eigen. Net langer anafabeet yn eigen taal.

It wie de tiid dat *Taal yn Fryslân* (1984) tastânkaam, risseltaat fan gearwurking fan it SHF en de Fryske Akademy. Fan de fjouwer auteurs kamen Piter van der Plank en Klaas de Vos fan it SHF; Durk Gorter en Gjalt Jelsma wiene fan de Akademy. It wie fia dat spoar dat ik by it taalsosjologysk wurkferbân fan de Akademy telâne kaam. Dêr hawwe wy elkoar doe troffen.

It wiene diskusjes dy't ik foaral oanhearde. Oer de implementaasje fan it Frysk, oer it plak fan it Frysk yn ferskate domeinen. Bysûndere mominten dêryn steane my helder foar de geast: bygelyks oer wa't yn 1945 fanút it Fryske ferset foardroegen wie om boargemaster fan Ljouwert te wurden. Hy wie it net wurden en ús ynlieder wegere de namme te neamen.

Diskusjes ek dy't fan belang wiene fanwegen in oar aspekt. Wy fûnen meielkoar dat it rykstaalbelied op fleanen like, mar ik sil net ferjitte dat jo seine: 'Wy hiene yn de jierren fyftich net ferwachte dat it plak fan it Frysk yn de rjochtspraak en yn it ûnderwiis fan de kant fan it Ryk erkenning krije soe. Wy hawwe dochs folle mear binnenhelle as wy doe tochten?' En dat wie noch yn de tiid foar it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen. De tiid dat it Ryk opkaam foar de 'rechtseenheid, rechtszekerheid en rechtsgelijkheid' en dêrom it near lei op it Frysk, leit yntusken fier achter ús. Mar noch hieltiden is der in striid te striden.

Doe't ik deputerarre wurden wie, spile der in hiel oare saak: it plak en de betsjutting fan de Provinsjale Bibleteek. De Steaten hiene útsprutsen dat dy op ôfstân komme moast fan de Provinsje, en ik siet dermei oantangele. En jo kamen by my op it Provinsjehûs om jo soargen deroer út te sprekken. Se soene ommers samar mei de kolleksje fuortrinne kinne! Jo presintearren jo mei J.A. Bouma as fertsjinwurdifers fan de wittenskiplike gebrûkers fan de PB. Ik fûn dat jo en Bouma gelyk hiene mei alle arguminten om de bân tusken Provinsje en PB net te ferbrekken. Doe't him de gelegenheid foardie om it Ryksargyf, it FLMD en de PB by elkoar te bringen, haw ik dat fan herte oangrepen om de macht wer nei de Provinsje ta te lûken en in fúzje op provinsjale skaal tastân te bringen. It ferslach fan dat proses haw ik opskreaun it de bondel ta eare fan Douwe de Vries, *Nei bûten ta* (2006) Ik haw noch altiten gjin spyt fan it tastânkommen fan Tresoar. Ik tink jo ek net.

Ien aspekt wol ik jo noch wol yn it sin bringe. Jo makken jo der soargen oer oft der wol in gaadlik, ôfsletten stúzjeplak yn Treoar oerbliuwe soe mei al dy fan it Argyf oerkommende sneupers. Der is doedestiids foarge foar sa'n plak, in spesjaal Feitsma-plak. Mar doe't ik okkerdeis by de presintaasje fan de – ferstripte – *Tsien fan Martens Afke* by Tresoar wie, toande direkteur Bert Looper my grútsk de stúzjeplakken foar de universitêre studinten op de boppeomloop fan Tresoar. Hy kaam temjitte oan fragen fanút de Universitêre Kampus Fryslân, de UCF. Tiden hawwe tiden.

Mei freonlike groetnis, Bertus Mulder